

Sjueryferslach Bernard Smildepriis 2017.

Bêste minsken,

Om fuort mar mei it wichtichste te begjinnen: wy hawwe in priiswinner. Mei de útkomst fan ferline jier noch as in teloarstelling yn 'e achterholle, binne wy dêr al o sa bliid om. Dêr tsjinoer stiet dat folle minder minsken har oan de striid weage ha. Tsien teksten, dêr hold it dit kear mei op. Mar, ek al wie it oantal minder, opfallend wie dat oer it generaal de taal gever wie, en dat is op 't lêst ek winst.

Oer it winnende fers wienen de sjueryleden it fuort iens. Los fan elkoar keazen wy alletrije foar tekst nûmer 6, dat it wie yn ien kear dúdlik hokker liet boppe de oare útstuts.

De min- en pluspunten fan de oare njoggen teksten opteld levere gjin earfolle fermelding op. Oer in pear nûmers hawwe wy noch wat hinne-en-werre, mar wy seagen dêr úteinlik te min kwaliteit yn om dêr ekstra oandacht oan te jaan.

Trochinoar kin sein wurde dat bytiden troch rymtwang wat nuvere konstruksjes ûntstean, dêr't betsjutting en dúdlikens noch alris ûnder te lijen hawwe. Ien fan de earste easken foar in sjongber liet liket ús dochs wol de helderens fan 'e tekst. Under it sjongen ûntbrekt ommers de tiid om in tekst út te plúzjen.

Yn in pear gefallen siet in tekst prachtich moai yn elkoar wat taal en technyk oanbelanget. Knappe en konsekwinte rymskema's, dêr't in protte flyt op dien wie. Spitigernôch smiet dat net genôch op. De ynhâld wie de iene kear frijwat riedseleftich en de oare kear sa fier socht dat amper bynei te kommen wie wêr't it oer gong.

Ien kear wie dochs noch it net behearskjen fan it Frysk de grutte stroffelstien en ek al mankearde dêr yn de oare teksten it measte net oan, 'de hannen gearje' bygelyks of 'sjong ik my ferromme', soks kin wier net.

It lykje soms mar lytse dinkjes, mar as de klam mear as ien kear ferkeard falt, is in liet net op muzyk te setten of te sjongen. It komt hiel krekt.

In oare tekst foel wer ôf om it negative en swiersettige.

Dan wie der in liet dat inkeld de simmerjûn beskreau. Hie de tekst fierder goed foldien, dan hie dat sa slim net west, mar de ynhâld koe ús net genôch meinimme.

Datselde spile by in liet dat net de ein fan 'e dei, mar de ein fan it libben as tema hie. It hie net slim west as de ynhâld ús bekoare koe.

Dan nei de priiswinner:

In moaie, streamende tekst. Dit jout de yndruk as wie it sa de pinne útfloed. Gjin djoere wurden, gjin tsjuster kwea, mar prachtige bylden, yn stille tankberens ien mei de natoer. In bea dêr't fertrouwen út sprekt en as in mantel fan rêst om de wurge skouders lein wurdt. En dan oan 'e ein, dy iene fûgel noch eefkes.

Ik lêst it foar en aanst, nei de priisútrikking, kinne wy it al mei-inoar sjonge, want David de Jong, sjuerylid, hat der in moaie wize op makke.

Jûnsliet

In lêste wjukslach fan 'e wyn
leit frede oer it gea,
as hâldt natoer de siken yn
om stilte foar in bea.

Refrein:

De dei is gien, de nacht komt oan.
Wol Hear, ús yn jo hoede bêdzje
oant it daagjen fan 'e moarn.

De sinne hat syn deiljocht dwêst',
it skimert noch wat nei.
Wat warber wie keart yn ta rêst,
de lûden falle wei.

De dauwe weeft syn wiffe klee
wiidweidich oer it lân,
bestiljend deistich leaf en leed
as mei in koele hân.

In wurge fûgel fynt syn nêst
en teart de wjukken ta;
hy sjongt mei ynmoed noch in lêst'
mar heech halleluja.

Mei út namme fan Edna Zwerver en David de Jong,
Margryt Poortstra

